

Oan:
de leden fan de Steatekommisje
Boarger & Mienskip
Snekertrekweg 1
8912 AA LJOUWERT
Postbus 20120
8900 HM LJOUWERT

Ljouwert, 18 maaie 2009

Underwerp: advys fan de wurkgroep ‘Oanfalsplan Frysk’ oangeande in prioritearring fan aspekten fan it takomstige taalbelied

Achte kommisjeleden,

Wy binne jimme tige erkentlik foar de romte dy’t wy krigen hawwe yn de gearkomste fan jimme kommisje op 6 maaie 2009 om de gearfetting fan de diskusje (d.d. 29 okt. 2008) oer it ‘Oanfalsplan Frysk’ en ús oansetten foar takomstich taalbelied, noch wat neier ta te ljochtsjen.

Yn dy gearkomste kaam fan jimme kant it fersyk oan ús wurkgroep om in advys te jaan oer in prioritearring fan aktiviteiten yn ûnderskate maatskiplike domeinen op it stik fan dat taalbelied. Wy komme, û.o. yn oansluting op en as fierdere útwurking fan it al besteande belied, ta it neikommende advys.

Us wurkgroep is fan betinken dat hoewol’t it domein ‘ûnderwiis’ bûtenwenstich wichtich is foar de takomst fan it Frysk, de effekten fan dat domein op de taalbehearsking en op it feitlike brûken fan it Frysk yn de maatskippij *net los sjoen wurde kinne en meie* fan de oare maatskiplike domeinen dy’t neamd wurde yn it ‘Oanfalsplan’. Taalbelied heart altiten *yntegraal* taalbelied te wêzen. Dat betsjut in fersterking fan de posysje fan it Frysk binnen *al* dy domeinen, benammen rjochte op it ek feitlik (mûnling en skriftlik) folweardich brûken fan dy taal. It stellen fan funksje- en beneamingseasken, foarsafier’t de Provinsje dêr ynfloed op hat of krije kin, leveret dêr grif de meast effektive bydrage ta.

Prioriteiten

1. De sintrale en *alderheechste* prioriteit foar ús is it kommen ta in *Sintrum foar Fryske Taal en Kultuer*. As de *Kommisje B & M* dat winsklik achtet, soene wy, yn goed en breed oerlis mei it fjild, yn de rin fan dit jier ta in *fierdere* útwurking komme kinne fan de struktuer, organisaasje, taken, budzjet ensfh. fan sa’n sintrum dy’t resultearret yn in konkreet en beslúttee útstel. Dêrby gebrûk meitsjend fan ‘gegevens’ fan en oer ferlykbere ynstânsjes lykas de *Nederlandse Taalunie*, de *Welsh Language Board*, de *Svenska Language Board* en de Baskyske en Katalaanske

wjergaders dêrfan. Sa'n foarstel liket ús boppedat tige fan belang foar de *Kommisje Hoekstra*, dy't oer it 'foech' fan de Provinsje gear moat.

2. In hege prioriteit binnen it foarskoalsk 'ûnderrjocht' leit de wurkgroep by (1) de dei-opfang (bernsintra) en de (2) pjutteboartersplakken, omdat de taaloerdracht by de jonge âlden en har bern begjint. By dat skift wurdt de basis foar it Frysk lein. Wy berikke dan lykwols net de doelgroep fan tige jonge bern (0-2 jierrigen). Omdat de konsultaasjeburo's it noch ôfwitte litte op dat stik (de kennis fan it Frysk/meartaligens en de taalhâlding sjitte tekoart), sil dat op in oare wize moatte, bgl. troch it systematysk jaan fan provinsjale *foarljochting* oer de winsklikens om it Frysk oer te dragen. Dat kin effektyf troch middel fan it brûken fan 'Omrop Fryslân' (stjoertiid radio en tv) en de provinsjale deiblêden en de streekblêden. It Frysk en it Hollânsk kinne dêr beide foar brûkt wurde.

Fan tige grut belang is ek dat der struktureel alle dagen bernprogramma's yn it Frysk (en streektalen yn Fryslân) útstjoerd wurde. Benammen foar de jongere bern, mar ek foar de âldere jeugd. No moatte dy it hawwe fan de lanlike Hollânsktalige programma's, dy't ynterferinsjebefoarderjend wurkje. De kwaliteit fan it Frysk wurdt dêr tige negatyf troch beynfloede. Yn dat ramt is it tige wichtich dat de Omrop in *nasjonale* publike stjoerder wurdt, mei omdat soks twa kear safolle jild opleveret as de status fan regionale stjoerder. Mear jildmiddels binne neffens ús in betingst om dat doel goed berikke te kinnen.

3. In sterk aksint leit de wurkgroep ek by:

- a. de *trochgeande line* fan it Frysk as *fak* en as *fier-/ynstruksjetaal* yn it ûnderwiis,
- b. in ferplichting fan it Frysk yn it *mbû* en it *spesjaal (fuortset) ûnderwiis* (yn de lanlike ûnderwiiswetjouwing en it *Europeesk Hânfêst foar Minderheidstalen*) en
- c. it Frysk as ferplichte *eksamenfak* foar de learlingen út Fryslân as it Hollânsk ek in ferplichte eksamenfak is.¹

4. It soe in saak fan grut belang wêze dat yn de *media* (Omrop, dei- en streekblêden) it kommende desennium struktureel plak frijmakke wurdt foar in trochgeand *propaganda-offinsyf* fan de kant fan de Provinsje op it stik fan de taalbefoarding. De ynformaasje foar de streekblêden kostet ornaris neat. By de Omrop kin men stjoertiid ynhiere foar in *rige programma's* mei foarbylden dy't it bekende ferbrekgedrach fan bern (bgl. op skoalpleinen) en taalsituaasjes dêr't folwoeksenen alle dagen yn ferkeare (bgl. Frysk op gearkomsten) sjen litte. Mei help fan bekende Friezen (modellen) kin men sjen litte hoe't it oars en better kin, bgl. dat it Frysk yn hiel wat kontakten net loslitten wurde hoecht en dat a-symmetryske (twa- of meartalige) petearen hiel goed mooglik binne. Der soe op dat stik nei alle domeinen (ûnderwiis, soarch, bestjoer, rjocht, ekonomy, kultuer ensfh.) in link lein wurde moatte. Dat is wer in wichtich betingst foar it slagjen fan it goed mûnling en skriftlik oerdragen fan it Frysk yn it ûnderwiis.

Ek ynformaasje oer en wichtich nijs út oare mindertallegebieten oer de hiele wrâld soe systematysk en struktureel omtinken krije moatte yn de *Omrop* en de skreaune media. It omtinken jaan oan it *taalstribjen* fan bgl. Wales en Kataloanje of it sjen litten fan it *eigene* fan mindertallegebieten (yn drama, dokudrama of dokumintêres) yn Fryske of oankochte (en ûndertitele) produksjes, draacht wer by ta it útbouwen fan *Omrop Fryslân* ta in folweardige, nasjonale stjoerder.

Wy hoopje mei dit brief oan jimme fersyk foldien te hawwe. In fierdere taljochting op of oerlis oer ús bydrage is fansels altiten mooglik. Wy binne dêr graach ree ta. Boppedat soene wy yn de kommende tiid graach op 'e hichte bliuwe wolle fan de provinsjale beliedsfoarnimmens op it stik fan de Fryske taal, (taal)kultuer en Fryske skiednis yn it ûnderwiis en yn de oare domeinen. Dat jout ús de mooglikheid om op 'e tiid mei te tinken.

Mei rju achtinge en freonlike groetnisse,
út namme fan de wurkgroep,
drs. P. Bergsma (foarsitter *Pedagogysk Wurkferbân* fan de Fryske Akademy)
dr. J. van der Bij (foarsitter *Ried fan de Fryske Beweging*)
drs. T. Dykstra (foarsitter *Feriening Frysk Underwiis*)
drs. S.T. Hiemstra (skriuwer *Feriening Frysk Underwiis*)
prof. dr. R. Salverda (direkteur-bestjoerder *Fryske Akademy*)
dr. R.W. Valk (skriuwer *Ried fan de Fryske Beweging*),

S.T. Hiemstra,
einredakteur *Oanfalsplan*

ⁱ Sjoch it 'Oanfalsplan' en ús brieven dêroer oan guon ministearjes en de Twadde Keamer.